



Mûnlinge fragen

Mûnlinge fragen foar de ried fan tiisdei 6 maaie 2025:

Underwerp: Fietspaden yn Dantumadiel

Achte foarsitter, kolleezje en riedsleden,

Yn it fragenhealoerke fan dizze riedsgearkomste hat ús fraksje in pear fragen oer de fytspaden yn ús gemeente. In skoft lyn hawwe wy der fragen oer stelt om't it foar ús in wichtich ûnderwerp is. Wy binne bliid dat de wethâlder en syn team dit oppakt hawwe en se binne hjir de ôfrûne tiid drok mei dwaande west en sa as it liket noch hieltiden neffens ús. Sa is resint de Rinewâl yn De Falom en it Koekoekspaad yn Feanwâlden oanpakt, wêrtroch't fytters dêr no feiliger en komfortabeler oerhinne ride kinne. Ek de Goddeleaze Singel is meand wat in stik opknapt is.

Alderearst wolle we freegje oft ek it Fermanjepaad yn Damwâld op de planning stiet foar ferbreiding. Hjir kinne fytters inoar no net goed passearje sûnder oer it gers te moatten. Dit bringt ûnfeilige situaasjes mei him mei.

Dêrneist binne we benijd oft der noch oare positive ûntwikkelingen te melden binne oangeande de fytspaden of in oare bykomstichheid op dit mêd.

Wy hoopje fan herten dat de wethâlder ús hjir oer ynformearje kin, sadat wy mei-inoar wurkjen bliuwe kinne oan hieltyd bettere en feiligere fytsferbinings yn ús gemeente.

Ut namme fan,

FNP Dantumadiel
Ferry van der Ploeg